

## Priisútrikking Grutte Pier

Der binne sa'n 50 bydragen ynstjoerd. Echt in hiele protte. Blykber libbet Pier Gerlofs noch altyd yn holle en hert fan elkenien. Fan dy bydragen wie it meastepart yn it Hollânsk. As wy de oerlevering leauwe meie, hie de boer fan Kimswert grif net bliid west mei dy fêststelling...De ynstjoerings wiene net allinne meartalich, mar kamen ek rûnom út Nederlân wei. In opmerklik gegeven. Behalve it geografysk ferskaat, wie der ek in grut ferskaat yn de foarm fan de bydragen. Ik neam:

-koarte gedichten

-lange gedichten

-in songtekst

-in dream

-kollums

-koarte ferhalen

-lange ferhalen

-in preek

-in oarkonde (foto derfan)

-autobiografyske notysjes

-nostalgyske oertinkings

-ferskillende skôgings

Der wiene ek tendinzen te bespeuren. Lykas de corona-kwestje, de boereprotesten en it hanneljen fan de oerheid.

Dizze wedstryd wie der ien mei in tema. Nammentlik *Frijheid*, nei oanlieding fan Pier Gerlofs syn striid. Frijheid yn de breedste betsjutting, mei altyd in link of in knypeach nei Grutte Pier. Fragen as: is it terjochte dat de kriichshear, frijheidsstrider en seerôver as in held fereare wurdt? Hoe sjocht frijheid derút? Hoe is frijheid troch de iuwen hinne belibbe wurde? Binne wy yn 2020 noch wol frij, as yndividu of as groep? Hoe liket yn Fryslân, Nederlân en de rest fan de wrâld?

It útwurkjen fan dat tema hat foar ús it swierst woegen. Yn 't twadde plak ha wy sjoen nei de kreativens dêrfan. Wie it ferrassend? Taaste it yn it moed, nûge it út ta yntrospeksje, liet it ús miskien laitsje? Koartsein: die it wat mei ús? Dat wiene de beide iikpunten. It skeelde fansels ek as in bydrage goed skreaun wie, dus eins hiene wy twaenheale belangrike punten.

De earste seleksje smiet sadwaande seis ynstjoerings op dy't yn de beneaming kamen. Ien gedicht, ien kollum en fjouwer ferhalen. De kar is útdraaid op twa ferhalen. Twa proazastikken dy't, sa docht bliken, ek noch beskate oerienkomsten ha.

Lit ik begjinne mei de twadde priis. Dat is it ferhaal mei de titel 'De nije frijheid', fan Youvan Bergsma. Krekt sa't dat mei de nûmer ien it gefal is, is it tema hjir op boartlike wize útwurke. Analooch oan Pier Gerlofs syn striid, dy fan in boer tsjin de 'Hollanners', wurdt yn 'De nije frijheid' yn it begjin de argewaasje fan in boer oer de maatregels fan Den Haach beskreaun. Lykwols feroaret dat ien-dimensionale gegeven, fan de striid fan in ienling tsjin machthawwers, rillegau yn in striid foar it fuortbestean fan de ierde. Dêrmei krijt it ferhaal in aktuele urginsje.

Geande it ferhaal wurde klisjees dy't oan de kont fan Grutte Pier hingje ôfbrutsen, en krijt de lêzer dêr in nije Grutte Pier foar werom. Mar ek in Lytse Pier. It binne dy beide, de Grutte en de Lytse Pier, dy't de wichtichste striid fan dizze tiid oangean. Dy't fjochtsje foar in nije frijheid: in nije wrâld.

It ferhaal is flot en adekwaat skreaun, licht nettsjinsteande de serieuze ûndertoan, en jout hoop foar de takomst. De striid fan Pier Gerlofs eartiids foar in dizzenige, ûnbepaalde frijheid, transformearret yn dit ferhaal ta in striid mei de alderheechste, mondiale ynset. De twadde priis giet dêrom mei rjocht en reden nei 'De nije frijheid'.

En dan is der noch ien priis oer. De earste. It noflik wie dat it kiezen dêrfan gjin diskusje opsmiet. It wie, om master Visser syn fêste útdrukking mar ris te brûken, klip en klaar. Dêrmei is ek fuort dúdlik dat it priiswinnende ferhaal Hollânsk talich is. Wy gokke dat Pier wat dat oangiet in eachje taknipe sil. Sterker noch: wy witte dat dat sa is, omdat Pier him yn it ferhaal 'Hemelvaartsdag' fan Lucy Neetens betinkt dat it net giet om de taal dy't jo prate, mar om de taal fan it hert.

'Hemelvaartsdag' is net allinne boppe-op it tema, mar ek hearlik kreatyf útwurke. Lykas mei 'De nije frijheid' is it hiel boartlik, troch de brûkte humor moai yn balâns mei de earnst fan it tema, en krijt Pier syn striid bûtendat in universele diminsje. 'Hemelvaartsdag' stelt etyske fragen. Bytiden tusken noas en lippen, soms tusken de rigels troch. It ferhaal jout slûchslim kommintaar op de tastân fan de wrâld fan no. Dat docht it mei in Pier dy't yn de himel tahâldt, in gegeven dêr't er himsels ek oer fernuveret (en dat it dielt mei de nûmer 2). It priiswinnende ferhaal nuânsearret, prikelet, lit jin glimkje en op itselde stuit neitinke. It ferhaal jout ús in Pier dy't nei syn dea mear minske is as dêrfoar. Yn 'Hemelvaartsdag' wurde fragen oars net beantwurde, dat wurdt oan de lêzer oerlitten. It is oan ús om frijheid, yn hokker betsjutting ek mar, ynhâld en foarm te jaan. Alles mei-inoar in prestaasje fan

formaat. Om al dy redenen is 'Hemelvaartsdag' de winner fan de Grutte Pier skriuwwedstryd 2020!